


O F R Y S K E
G R Û N



Altijd een stukje
Fryslân om je hals?
In deze hangertjes
is echte Fryske
aarde verwerkt!

Te koop in onze
winkel in Joure of via
pompebledsjes.nl

WATZE
VAN
DER WAL

SIERADEN

MEESTERGOUDSMID

MIDSTRAAT 1, JOURE WATZEVANDERWAL.NL

2025
2026


RYSK
SELSKIP SWOL

Oan

Jiergong

54

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,
8043 AZ Zwolle



oprjochte 8 febrewaris 1899



DE GRAAF

PIANO'S & VLEUGELS


VERKOOP EN VERHUUR



Sinds 1951 het adres voor

STEMMEN EN ONDERHOUD

Hanekamp 8 8023 TH Zwolle, telefoon (038) 453 55 87
info @degraafmuziek.nl



BESTJOER

| | |
|----------------------------------|---|
| foarsitter | Jan Bosgraaf Smitserf 42 7951 JG Staphorst janendjoke@home.nl / 0522 464718 / 06 14268993 |
| 2° foarsitter / 2° ponghâlder | Henk Monkel Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen henmmonkel@kpnmail.nl / 0529 433175 / 06 30888376 |
| skriuwer | Jolanda Lootens Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle jolandalootens@live.nl 06 47585240 |
| ponghâlder | Sjoerd Bakker Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst sdabakker@outlook.com / 0529 401683 / 06 57255999 |
| 2° skriuwer | Jan-Tjerk Kuipers Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe jantjerkkuipers@gmail.com / 0570 522329 / 06 42275636 |
| lid | Annet Nieuwenhuis – Kokké Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle annetnieuw@planet.nl / 038 4537836 |

Lede-administraasje

Jolanda Lootens Brethouwerstraat 15, 8043 AZ Zwolle 06 47585240

IBAN rekkennûmer

NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

KONTAKTPERSOANEN

| | | | |
|--------------------------------|-----------------------------|----------------------------|-------------|
| Dalfsen | frou F. Smits | Vechtoever 11 | 06 53645726 |
| Hattem | frou W. Steenbeek - Boschma | Hendrikjesweg 46 | 038 4442894 |
| Kampen | frou J. Wiegersma | Nijverheidsstraat 11 | 06 19506520 |
| Wezep | hear K. IJtsma | Scheerderslaan 8 | 038 3769007 |
| Wijhe | hear F. Kunst | Stationsweg 28 | 0570 521931 |
| Zwolle | | | |
| Aalanden | frou B. Ypenga | Potmarge 29 | 038 4537164 |
| Berkum | hear J. van Slageren | Lorentzlaan 34 | 038 4529353 |
| Binnenstêd, Dieze en Veerallee | fam L. Nieuwenhuis | Schuttevaerkade 103 | 038 4537836 |
| Holtenbroek | frou H. Osinga | Händellaan 359 | 06 44440759 |
| Stadshagen | frou J. Lootens – Berg | Brethouwerstraat 15 | 06 47585240 |
| Westenholte en Spoolde | hear H. van der Zee | Bouwkamplaan 6 | 038 4223588 |
| Wipstrik | frou W. de Vries - Boersma | Carry van Bruggenstraat 25 | 038 4543033 |
| Zwolle – Súd | hear G. Jellema | Westerbergmate 49 | 038 4657561 |

MEIDIELINGEN BLEED FAN IT

FRYSK SELSKIP SWOL


Jiergong 54
nûmer 2

Oprjochte 8 febrewaris 1899

wintermoanne 2025

KRYST

Wylst ik dit stikje skriu, is it klearebare hjerst. Moarns is it lang skimerich en yn 'e neimidei moat de lampe al wer oan. It is bliiich en it waait bytiden dat it rikket. De tún leit besiedde mei ike- en oare blêden. Dat makket it hjerstbyld kompleet. In soad minsken hawwe in hekel oan dit byld en oan 'e hjerst. Guon bringe dit byld yn ferbân mei fergonklikheid en tydlikheid. Ek wat it libben fan de minske oangiet. Mei langstme sjogge sy út nei it foarjier. Mar se moatte earst de winter noch troch en de donkere dagen fan desimber. As we âld en nij hân hiene, sei myn mem altyd: 'No geane wy wer op nei it ljocht!' Sy hie in grouwélige hekel oan dy donkere dagen. Dochs hat de hjerst ek syn moaie kanten. Sjoch mar nei al dy kleuren giel, oranje, read, oker en brún yn alderhanne tinten. Foaral as de sinne skynt, want dat bart yn 'e hjerst ek, is it in genot foar it each. Lykas yn it foarjier mei alle skakearringen fan it jonge grien. Wa't al dat moais fan 'e natuer op him of har ynwurkje lit, wurdt der stil fan en fielt him hiel lyts. Sa moai krijt nimmen it foarinoar, al docht er noch sa syn bêst. Dat jildt ek foar de winter, as der snie leit. Al witte wy hast net mear hoe moai de wrâld der ûnder in (heale) meter snie útsjocht. De lêste jierren hâldt it mei in pear sentimeter wol op. Dat is ek mear as genôch, want dêrtroch stiet heal Nederlân yn 'e file, ride der gâns minder treinen en wurde in soad flechten annulearre. Dochs bliuwe we fol oerjefte sjongen 'I'm dreaming of a white Christmas', skreaun troch Irving Berlin. Oft Christmas dit jier wyt wurdt, wachstje we mar ôf. Mar wyt of grien, it wurdt yn alle gefallen Kryst. Yn Noard-Europa in fan oarsprong Germaansk feest om de wintersinnekear te fieren, dêr't de tsjerke fan Rome de berte fan Jezus oan keppele hat. In barren, dat rûnom op 'e wrâld yn kristlike rûnten betocht en fierd wurdt. Mei dêromhinne alderhanne krysttradysjes, krystbeammen, kryststallen, kryststjerren, ensfh. Om yn de donkerste dagen fan it jier letterlik wat ljocht te bringen. Njonken it Ljocht fan dy lytse poppe yn in krêbe yn in earmoedige stâl yn Bethlehem. Dy't, doe't er folwoeksen wie, de minsken foarhold, hoe't se mei-inoar libje moatte. Wat tefolle minsken spitigernôch net begrepen hawwe. In goede, fredige en leafdefolle Kryst tawinske.



Jan Bosgraaf (foarsitter)

Lekker ite mei-inoar!

FERSLACH LEDEGEARKOMSTE

*freed 24 oktober 2025 yn 'De Weijenbelt'
45 minsken oanwêzich*

1. Iepening en meidielings

Jan Bosgraaf hjit elkenien wolkom. Yn it bysûnder Henk Monkel, dy't der lokkich wer by wêze kin en efter de bestjoerstafel sit. Sûnt jierren is ús ledental net tebek rûn. By it krystmiel 2024 binne der trije leden by kaam en fan 'e middei ek wer twa. Wy hawwe, mei de lêste oanmeldingen der by, 87 leden Elk hat syn of har ynlage noch net betelle.

Wy hawwe ôfskie nimme moatten fan Ido Streekstra, Ans van Walderveen, Aukje de Boer, Doet Eskens en Ans Wieling. Elk hat syn neitins oan dizze 'minsken fan foarby'.

It ledetal sil fierder tebek rinne. Dat is net te kearen. Wy fersette de beakens – demokratysk – yn oerlis mei de leden.

2. **Ferslach fan de ledegearkomste fan 25 oktober 2024** wurdt – nei gjin beswier – fêststeld.
3. **Jierferslach fan 'e skriuwer** wurdt – ek sûnder beswier – fêststeld. Mei de komplimenten fan Jannie Kunst, dy't seit dat it geweldich is hoe't Jan it krantsje altyd fol kriget.
4. **Jierferslach fan 'e ponghâlder**. Dat sprekt foar himsels. De ferlotting hat € 300.- mear oplevere dan begrutte wie. Kreas dien! Mei dêrtroch hawwe we ek minder tekoart.
5. **Ferslach fan de rekkenopnimers** Jaap van Slageren en Jan Eppinga. Alles kloppe presys. Jaap en Jan wolle graach desjarzje ferliene oan Sjoerd, as ponghâlder, en it bestjoer. Mei tank oan Sjoerd foar al 't wurk dat er it ôfrûne jier ferset hat. Mei hantsjeklappen giet de gearkomste akkoart.
6. **Nije reserve rekkenopnimmer**: Jaap is ôttredend en Piet Minnema wie reserve, dy wurdt mei Jan Eppinga rekkenopnimmer. Op 'e fraach wa't de folgjende reserve rekkenopnimmer wurde wol, stekt Freerk Kunst frij gau de hân op. Mei tank!
7. **Bestjoersferkiezing**: Mei trije ôfgeande bestjoersleden en gjin nije oanmeldings wurde Jan Bosgraaf, Sjoerd Bakker en Jan Tjerk Kuipers wer foar trije jier beneamd.

(ferfolch op side 3)

FILIPPINE (DESELDE GETALLEN HAWWE DESELDE LETTER)

| | | | | | | | | | | | | | | | | | | | |
|----|----|----|----|----|----|----|----|----|----|----|----|----|----|----|----|----|----|----|----|
| 1 | | 33 | | 36 | | | 34 | 8 | | 21 | | | 1 | 10 | | | 34 | | 2 |
| 2 | 16 | | 39 | | | | 36 | 22 | | 36 | 32 | | | 2 | 28 | | 35 | | |
| 3 | | 37 | 20 | | | 36 | 23 | 18 | | 35 | | | 23 | | 25 | | | | 2 |
| 4 | | 6 | | 28 | | 6 | 7 | | 3 | | | 13 | 24 | 17 | 15 | | | | 2 |
| 5 | 14 | | | 17 | | | 25 | 18 | | 15 | 34 | | 3 | | | 33 | | 12 | |
| 6 | | 21 | 9 | | 4 | | 14 | | | 9 | | | 26 | | | 40 | 34 | 34 | |
| 7 | | 6 | | 5 | | | 31 | | 9 | 27 | 6 | | 28 | 34 | | 24 | 5 | | |
| 8 | | | 13 | 19 | | 34 | | 28 | | | 26 | 17 | | 9 | 26 | | 6 | 3 | |
| 9 | 2 | 6 | | 37 | 9 | | | 36 | 29 | 6 | 39 | | | 36 | 16 | | 10 | | |
| 10 | 9 | 38 | | 36 | | 30 | 29 | | | 6 | | 35 | 15 | 16 | | | 2 | 3 | |
| 11 | 36 | | | 2 | 22 | | 38 | | | 31 | | 3 | | 5 | | 29 | 37 | | |
| 12 | | 39 | | 13 | | | 3 | | 32 | | | 27 | | | 20 | | 10 | | 13 |
| 13 | | 11 | | 18 | 26 | | | 33 | | 8 | | 9 | | 6 | 6 | | 36 | | |
| 14 | 35 | | | 12 | | 2 | 35 | | | 4 | 34 | 35 | | | 6 | 24 | 25 | | |
| 15 | 32 | | 30 | 7 | | | | 36 | 3 | | | 35 | | 31 | | 13 | | 3 | |
| 16 | 30 | 4 | | | 21 | | | 36 | | 16 | | | 40 | 5 | | 38 | | 19 | |
| 17 | 22 | | 21 | 35 | | | 22 | 37 | | 12 | | | 40 | 9 | | | 11 | | 34 |
| 18 | | | 1 | 2 | 3 | 7 | | 36 | 8 | 7 | | 38 | 11 | 14 | | 3 | 11 | | |
| 19 | | | 2 | 1 | | 16 | 13 | | | 39 | | 34 | | 18 | | 11 | | | 23 |
| 20 | | | 9 | 6 | 19 | | 40 | 39 | | | 29 | | | 36 | 28 | 27 | | | 8 |

PUZELJE FOAR ORANJEKOEKE

Wa't de oplossing fan de njonkensteande puzel foar **25 desimber** ynstoert, makket kâns op in doaske mei seis stikjes oranjekoeke dy't op ús nijiersmiddei ferlotte wurde.

Dit is omskriuwing fan de yn te foljen wurden.

- | | |
|-------------------------------------|--|
| 1. <i>itensark</i> | 21. <i>timmermansark</i> |
| 2. <i>keunstprodukt</i> | 22. <i>muzykynstrumint</i> |
| 3. <i>kreas</i> | 23. <i>Hanzers binne</i> |
| 4. <i>2028</i> | 24. <i>oates en</i> |
| 5. <i>ûnderwizer</i> | 25. <i>hiel drokke perioade</i> |
| 6. <i>desimber</i> | 26. <i>ta stân bringe</i> |
| 7. <i>stjerrebyld</i> | 27. <i>hazzesliepke</i> |
| 8. <i>hurde wurkje</i> | 28. <i>spotlik glimkje</i> |
| 9. <i>lang en meager</i> | 29. <i>ûnwierheden sprekke</i> |
| 10. <i>mei</i> en tried | 30. <i>bernespultsje</i> |
| 11. <i>gea</i> | 31. <i>reinich en bluisterich waar</i> |
| 12. <i>sjen as in âld</i> | 32. <i>ôfmjitting</i> |
| 13. <i>boustyl (eigenskipswurd)</i> | 33. <i>ferklomje</i> |
| 14. <i>opbergromte yn 'e klean</i> | 34. <i>beamfrucht</i> |
| 15. <i>1 novimber</i> | 35. <i>doelleas omrinne</i> |
| 16. <i>romte tusken twa bergen</i> | 36. <i>emigrant</i> |
| 17. <i>krante</i> | 37. <i>bêdeguod</i> |
| 18. <i>keukenhelp</i> | 38. <i>koart skoftsje tiid</i> |
| 19. <i>skiednis</i> | 39. <i>fytsûnderdiel</i> |
| 20. <i>aadlike titel</i> | 40. <i>geografyske oantsjutting</i> |

| | | | | | | | | | |
|----|----|----|----|----|----|----|----|----|----|
| 1 | 2 | 3 | 4 | 5 | 6 | 7 | | 8 | 9 |
| | 10 | 11 | 12 | 13 | | 14 | 15 | 16 | 17 |
| 18 | 19 | | 20 | 21 | 22 | 23 | 24 | 25 | |
| 26 | 27 | | 28 | 29 | | 30 | 31 | 32 | 33 |
| 34 | | 35 | 36 | 37 | 38 | 39 | 40 | | |

In mail mei de oplossing stjoere oan janendjoke@home.nl of mei in briefke oan Jan Bosgraaf, Smitserf 42, 7951 JG Staphorst.

(ferfolch fan side 2)

8. It kommende winterskoft:

It krystmiel is ynstee fan tongersdei 18 op woansdei 17 desimber yn Het Roode Hert te Dalfsen. Dat hie te krijen mei de seal, dy't tongersdei beset wie en dat is wol de moaiste gelegenheid om mei-inoar te iten. Adri de Boer kin dy jûns ek. Dus is it op **17 desimber!**

Freed 30 jannewaris komme wy wer yn 'e Weijenbelt op ús nijiersmiddei en sil Sietske Poepjes, boargemaster fan Olst-Wijhe har ferhaal hâlde en dogge wy in kwis oer Fryslân.

Foar freed 27 maart hawwe wy in eachje op 'Lek', in stik fan teatergroep FJOER. Dat sille wy as bestjoer earst besjen. Der is in opsje op, dat wy hoopje dat it wat foar ús leden is.

9. **De ynlage** fan it winterskoft 2025-2026 bliuwt € 38.- de man/frou.

10. **De begrutting 2025-2026** is makke op € 38.- de man/frou en dan komme wy op in tekoart fan € 2200.- Dat nimt de fergadering oan.

11. **Rûnfraach of omfreegjen:** In meidieling út it Frysk Deiblêd oer in Fryske tsjerketsjinst yn Hellendoarn.

12. **Sluting.** Binnen 25 minuten nei de iepening wurdt de fergadering troch Jan sluten.

Jolanda Lootens (skriuwer)



Lykas wenst is der nei ôfrin fan de gearkomste in optreden fan it Frysk Sjongkoar Swol. Mei diskear ek in kanon, dêr't it publyk yn meisjonge koe. Doe die bliken, dat de echte sjongers wol by it koar sitte. De oare lieten foelen wer tige yn 'e smaak; yn't gehoar. In optreden wurdt altyd tige op priis steld. It is prachtich dat der sa'n moai Frysk koar yn Swol bestiet. Tige tank minsken!

(JB)

WURK EN ÛNDERFININGEN AS BABS

Ferslach fan de presintaasje fan Jan Bosgraaf oer syn BABS-wêzen. Freedtemiddei 24 oktober 2025 yn de Weijenbelt.

Op 'e middei fan ús ledefergadering hold ús eigen foarsitter in ferhaal oer syn BABS-wêzen. De oanlieding wie dat Jan dit foar it Keninklik Frysk Boun om Utens ek al ris dien hat. Mei om't wy foar ús middei nei de ledegearkomste noch in sprekker of wat oare ferdiveidasje hawwe moasten, hawwe we Jan frege om dit ris foar ús eigen leden te fertellen. En sa sette Jan útein.

(ferfolch op side 4)

(ferfolch fan side 3)

Om't er by de gemeente Zwolle gauris in 'praatsje' hold, kaam in kollega fan Jan yn 1991 mei de fraach, oft hy der foar fiede om ek amtner fan de boargerlike stân te wurden. Dy útdaging naam er oan. Want, sa't der wol sein wurdt: 'Ik haw it noch nea dien, dus ik tink dat ik it wol kin'. Fan 1995 ôf waard it offisjeel Bûtengewoan Amtner fan 'e Boargerlike Stân. BABS dus. Yn de 25 jier dat hy it dien hat mocht Jan in lytse tûzen houliken slute. Fan dy 25 jier wiene 13 yn Swol en 12 yn Staphorst. Elk houlik is wer oars en wat is it goed om minsken yn harren eigen taal wolkom te hjitten. Bygelyks Poalsk of Noarsk en ek Frysk foar Friezen om utens. Nei ôfrin sei in pake dat hy dêrby de triennen yn 'e eagen krige.

As BABS binne je it fisitekaartsje fan 'e gemeente. Jo steane earne foar. Dan is it moai om in persoanlike taspraak te hâlden sadat it ek in persoanlik barren wurdt. De measte oansteande echtpearen fertelle lokkich genôch om in goed ferhaal hâlde te kinnen. Om dit ek goed ta te rieden, stie Jan syn taspraak altyd fan A-Z op papier. Dan reitsje jo de tried fan it ferhaal net kwyt en kin, as de need oan 'e man komt, in kollega it maklik oernimme. Troch famylje-omstannichheden barde dat twa kear yn syn hiele karriêre.



Doe't Jan yn Swol begûn hat Djoke foar him in eigen toga makke, dy't fansels prachtich paste. Wat er ûnder de toga oan hie, fûn Jan ek wichtich. Gjin spikerbroek mar in donkerblauwe of swarte, de skuon ek yn dy kleur en gjin brune, in wyt boesgroen. Jo moatte fersoarge foar't ljocht komme. Dat past ek by it fisitekaartsje.

Yn 'e tún fan 'de Havixhorst' by De Wijk

Doe't er (hy wie doe babs yn Staphorst) yn Swol ris op lokaasje in houlik slute moast, hong syn eigen toga der net mar in âld, fersliten eksimplaar dy't him fierstente grut wie. Lokkich hie er syn knappe pak oan en dat wie de iennichste kear dat er in houlik net yn toga sletten hat.

In pear houliken stieken der as bysûnder mei kop en skouders boppe út. In Nederlânsk hindoestaansk pear, dat yn boargerklean nei it stedhûs kaam foar it boargerlik houlik. In moanne letter waard it houlik yn prachtige klean en mei bysûndere rituelen ynseinige, dêr't Jan perfoast by wêze moast. En de houliken fan twa fan harren trije jonges. By de tredde wiene Djoke en hy tsjûgen fan harren partnerskipsregistraasje. Ien fan de jonges troude earst yn Dallas (Texas).

(ferfolch op side 5)

(ferfolch fan side 12)

Dêrtroch moast it wurk útsteld en de planning oanpast wurde, want dy bistjes kinne fansels net steurd wurde.

Foar it boubedriuw wie it in hiele útdaging, om mei sok grut materiaal de rûne foarmen fan it frouljuslichem te 'boetsearjen'. 'Dit soarte fan wurk binne wy net wend om te dwaan', sei de útfierder. Boppedat hat klaai en benammen sân de eigenskip om by stoartbuien fuort te spielen. Om dat foar te kommen krige eltse sânlaach in bewapening fan saneamde geogrid-matten om de boel stabyl te hâlden. Dan kin mei rjocht sein wurde, dat se 'út 'e dyk dold' is; in grut en swier en stevich boud frommes. Want it doel is, dat 'Dijk van een Wif' wol 25 jier meigiet. No sit der, útsein de rûne foarmen, mei al dat sân, klaai en geogrid-matten net folle frouliks oan. En wat har neakenens oangiet falt it ek wol wat ta. Uteinlik wurdt sy kreas 'oanklaaid' mei gers en krûden. Dat is wol sa froufreonlik en boppedat rûkt se dan, mei al dy krûden, grif lekker en sjogge noch mear strânljippen en oare greidfûgels yn har in gaadlik briedplak.

(JB)

Google-je foar mear ynformaasje op 'Sense of Place'.

Minsken fan foarby

Snein 28 septemmer 2025 is ús lid **Ans Wieling – Joukema** ferstoarn, yn 'e âldens fan 89 jier. Yn it ferline, doe't wy in eigen toanielploech hiene, fersoarge Ans de klaaïng fan de spilers. Ans wie ek lid fan it sjongkoar, al koe se de lêste jierren net mear aktyf meidwaan. De ôfrûne jierren wenne Ans yn 'de Rivierenhof' yn Swol, dêr't se fersoarge waard. By de ôfskiedsplechtichheid yn it krematorium Kranenburg hat it koar twa moaie lieten songen.

Op ús middei fan 24 oktober hearden wy fan Baukje Ypenga dat har suster **Geertje de Boer** ferstoarn is. Geertsje hat jierrenlang lid west en kaam geregeld mei Baukje en Wybe op ús jûnen. De lêste tiid seagen wy har spitigernôch net sa faak mear. Geertsje is 84 jier wurden. Us meilibjen giet út nei Baukje en Wybe.

WOLKOM OAN US NIJE LEDEN

Op ús middei fan 24 oktober koene wy twa nije leden wolkom hjitte.

Margriet Krook, dy't fan no ôf ek yn dit krantsje advertearret.

Peter Lootens (yndied, de man fan Jolanda ús skriuwer) dy't him fuordaliks fertsjinstlik makke mei de powerpoint presintaasje fan Jan syn BABS-ferhaal.

DÊR LEIT SE ...

... neaken en bleat, yn waar en wyn, op de hurde klaaikluten, deun by de Waadseedyk by Eatserbierrum. 'Sy' moat minsken, foaral toeristen, nei de noardwesthoeke fan Fryslân lûke. Wa hat ea tocht, dat soks yn Fryslân barre soe? Wy binne dochs gjin Amsterdam? Dêr wolle boargemaster en wethâlders it tal toeristen tebekkringe. Mar boargemaster en wethâlders fan de gemeente Waadhoeke sjogge in neakene frou oan de waadkust wol sitten. No ja, lizzen yn dit gefal. No falt dat mei dy neakenens en mei dy frou falt wol wat ta, hear, om jimme fuortdaliks mar gerêst te stellen. It is, om it mei in moai wurd te sizzen, in 'toeristysk landmark'. In lânskipfiguer fan klaai en sân, sa'n 65 meter lang en op plakken sa'n 11 meter heech en breed. It makket ûnderdiel út fan de keunstrûte **Sence of Place**, dy't it ferhaal fan de waadkust sichtber meitsje wol en mear minsken nei it gebiet lûke moat. *Sence of Place*, is oprjochte troch Joop Mulder (1953-2021), de man efter it ferneamde Oerol-festival op Skylge. It is in kulturele ûntwikkelingsorganisaasje dy't leaut dat keunst in krêftich ark is om minsken te ferbinen mei harren omjouwing, bewustwêzen te kreëarjen en by te dragen oan in duorsume en leefbere takomst foar it Waadgebiet. Der binne opjekten op Skylge (De Streken) en yn Grinslân (Golf van Termunterzijl en Watdataangaat by Koehoal). De keunstrûte tusken Harns en Peazens telt 17 objekten. De keunstwurken 'Wachten op Hoog Water' (twa froulju) by



Panoramyske makette fan 'Dijk van een Wijf'

Holwert, 'De Terp fan de Takomst' by Blije en 'Broken Jug' by Harns meitsje dêr û.o. diel fan út. En no leit by Easterbierrum '**Dijk van een Wijf**' fan keunstneres Nienke Brokke. De tarieding hat al mei al sa'n tsien jier duorre. Der moast in gaadlik plak fûn wurde, der moast mei bewenners yn 'e omkriten oerlein wurde, der moast(en) fergunning(en) komme, it jild (€ 1,6 miljoen) moast byinoar skrabbe wurde en gean sa mar troch. It hie en hat letterlik en figuerlik hiel wat fuotten yn 'e Fryske ierde. Mar yn augustus is in Frysk boubedriuw mei in mânske kraan mei it wurk útein set. Dat hie yn juny al wêze sille, mar doe siet krekt op dy lokaasje in strânljip (fjildekster of bonte liuw) te brieden. In hoart letter tocht in oare strânljip, wat sy kin, kin ik ek, en gie dêr ek sitten te brieden.

(ferfolch op side 13)

(ferfolch fan side 4)

Syn frou is dêr opgroeid. Dêr hawwe se de houliksakte lykwols net tekene. Want in wike letter hat Jan se yn Swol 'echt' troud. Yn al dy jierren binne seis plakboeken fol kaarten, foto's, ensfh. garre. Jan lit in pear bysûndere, aparte kaarten sjen. Hoefolle smaken oft der binne!



En dan wat sifers; 30% fan alle houliken rint op 'e non. Dan wurdt der wol sein dat de koeke op is, of it boek út. 'Lês it dan noch mar ris', soe Jan as ried jaan. Mar sa wurket it fansels net, jout er fuortdaliks ta. Yn trochsnee hawwe dy houliken sa'n 15 jier stânhâlden. Yn 'e seal binne de measten wol (folle) langer troud.

Ek seit Jan dat elke gemeente ferplichte is om it trouwen kosteleas oan te bieden. It is wol in keale en strakke bedoening. Yn Swol moast alles yn in kertier dien wêze. Meastal komt it breidspear mei in (hiel) lyts selskip. In koart praatsje, it offisjele part, hantekeningen sette en klear is Kees.

Der binne op syn minst twa tsjûgen nedich en op syn meast fjouwer. As men trout op in net erkende lokaasje, binne seis tsjûgen nedich. Sûnt 5 desimber 2015 moatte beide partners 18 jier wêze; 'Wet tegengaan huwelijksdwang'. Tsjintwurdich wurdt ek wol keazen foar in registrearre partnerskip. Dat kin omset wurde yn in houlik. Oarsom kin it net.

Eartiids koe yn ús lân ien man mei ien frou trouwe. It monogame houlik. Sûnt 1 april 2001 kinne twa mannen of twa frouwen ek mei-inoar trouwe. Nederlân wie it earste lân dêr't dit mooglik is. It earste 'homohoulik' waard sletten yn de Stopera yn Amsterdam. Yn't earstoan soarge dy mooglikheid foar wat opskuor. Der wiene amtners dy't út oerstûging beswieren tsjin sa'n houlik hiene. De saneamde 'weigerambtenaren'. Yn't Frysk 'ferpofamtners'. Mei dizze en noch mear ynformaasje komt Jan oan it ein fan 25 jier BABS-wêzen.

Wy betankje Jan foar in noflikke middei mei blommen en in slúfke. Wol fertsjinne!

Jolanda Lootens



Sneon 28 maart 2026 hâldt It Keninklik Frysk Boun om Utens syn jierlikse Algemiene Gearkomste by de krite 'Fier fan Hûs' te Apeldoarn.

OP BESITE BY TRESOAR

Op sneon 1 novimber gie de Fryske lêsklup fan Swol op in paad nei Ljouwert, dêr't Durk van der Ploeg te gast wêze soe. Wy hiene krekt it boek **Foarby it Boarkumer fjoer** lêzen en dit útstapke paste dêr moai by. De middei begon om 14.30 oere. Direkteur Arjen Dijkstra iepene de middei. Op de webside fan Tresoar stie in moai ferslachje oer de middei.

*It wie noch mar de fraach oft de 95-jierrige skriuwer oanwêzich wêze soe op de literêre middei yn Tresoar, dy't mei de Freonen fan Tresoar organisearre wie. Mei in steande ovaasje waard er troch in grut publyk ûntfongen op 'e middei yn it ramt fan syn rike oeuvre. Noch altyd skerp fan geast spruts er op it poadium mei Arjen Dijkstra, direkteur fan Tresoar, en Anne-Goaitske Breteler, Fryske skriuwster en antropologe. Sy fertelde hoe't de roman **Foarby it Boarkumer Fjoer** fan Van der Ploeg har holpen hat te yntegrearjen doe't se yn Moddergat kaam te wenjen. Dit is in oerienkomst fan de twa: beide komme út it gebiet*



Durk van der Ploeg (foto webside Tresoar)

Tresoar-Fellow Eveline de Smalen fertelde oer har ûndersyk nei de rol fan de Waadsee yn it wurk fan Durk van der Ploeg. Se beskreau de ferskillen mei de Nederlânske literatuer en liet sjen hoe't de personaazjes yn it wurk fan Durk van der Ploeg in djippe ferbining mei de Waadsee hawwe en ek hoe ryk oft syn Fryske taalgebrûk is.

*Ta beslút fertelde seebiolooch Tjibbe Stelwagen entûsjast oer syn fassinaasje foar de roman **Foarby it Boarkumer Fjoer**.*

Der wie dizze middei muzyk fan sjongeres en harpiste Iris Kroes. In prachtmiddei mei in eareplak foar Durk van der Ploeg yn it hert fan Tresoar!

(ferfolch op side 7)

DE LAATSTE DAGEN VAN DE DORPSGEK

By it wurd 'doarpsgek' hawwe de measten fan ús wol immen op it each dy't oan dy kwalifikaasje foldie. Immen op it doarp dy't der wat útrûn, wat minskeskou wie, ôfwikend gedrach fertoande en gean sa mar troch. Koartsein, immen dy't net oan it algemien fêststelde profyl foldie. Mei opsetsin skriuw ik it yn de doetiid. Fansels rinne der noch wol eigenaardige, typyske persoanen om. Mar wy prate net mear oer in doarpsgek. Yn it Frysk hawwe wy dêr oare beneamingen foar; aparteling, sûnderling, pypkepar, porsleinstamper. It Nederlânsk hat der sels in hiel moai wurd foar; paradijvogel. It heart wat freonliker, mar eins bedoele wy itselde.



Yn har boek 'DE LAATSTE DAGEN VAN DE DORPSGEK' komme in pear fan dizze minsken fan eartiids foarby. Lykwols foarmje dy net de kearn fan dit tige nijsgjirrige boek fan Anne-Goaitske Breteler (Dokkum, 1996), dy't har, nei har stúdzje kulturele antropology en publyksskiednis yn Amsterdam, yn Moddergat nei wenjen sette. Dêr't de dyk it lân omklammet. Tichteby it doarp dêr't se, as dochter fan Gerrit Breteler silger en Anke Bijlsma, opgroeide. Yn oktober foarich jier kaam har boek út en in moanne letter wie der al in twadde druk. De ûndertitel jout oan, wêr't it winliken om giet; de geastlike sûnens op it plattelân. In

ûnderwerp dêr't benammen op it plattelân, ek yn Fryslân, lang in taboe op rêste. Der waard net oer praat. Dat jilde ek foar Anne-Goaitske har oeroerpake, de bekende Fryske skriuwer Reinder Brolsma, dy't yn 'e hjerst fan 1953 út it libben stapte. Dat taboe makke har krekt nijsgjirrich. Watfoar ferhaal giet dêrefter beskûl? Yn har jierrenlange syktocht nei antwurden moete se ferskate minsken. In eardere psychiatrysk ferpleger yn Groot Lankum (Frjentsjer), de Fryske bouboer Bokke Brúnja, Willem Weening dy't rûnliedingen fersoarget yn 'De Spitkeet' yn De Harkema, Richt de 90-jierrige ynwenster fan har doarp en folle mear leken en saakkundigen. Net elkenien wie fuortdaliks like tasjitlik. It frege soms hiel wat geduld en tiid om in ferhaal boppe wetter te krijen. Dat is ek net frjemd, as men betinkt wêr't it om giet. Boppedat steane Friezen der net om bekend, dat se maklik oer harren gefoelens en emoasjes prate. Wat wolris mei ta gefolch hawwe kin, dat yn Fryslân yn ferhâlding mear minsken út it libben stappe dan yn it grutste part fan ús lân. Om't minsken op it plattelân nei alle gedachten net sa gau gebrûk meitsje fan ynstitúsionele geastlike sûnenssoarch. Oan 'e iene kant hat Anne-Goaitske socht nei it wêrom fan it taboe op it geastlik wrakseljen fan de plattelânsbefolking mei de soms desastreuze gefolgen. Oan 'e oare kant jout se ek in ynsjoch yn de hjoeddeiske situaasje. It is in boek 'Origineel, inhoudelijk sterk en zeldzaam leesbaar', om Geert Mak te sitearjen.

(JB)

By't opgean fan 'e sinne

Wolkom, freugde fan 'e wrâld
 Haadljocht oer 'e stjerren
 Griente, krûd- en blommefâd
 Mjitter fan ús jierren
 Himelreach, dy't al oersjocht
 Dy't ús dauwe en mist ûnttsjocht
 Dy ús't fjild bemielet
 Ja, mei goud oerstrielet.

Gysbert Japicx



(ferfolch fan side 6)

Wy fanút Swol/Wijhe/Kampen ûnderskriuwe de lêste sin fan it ferslach: wy fûnen it ek in tige slagge middei. Durk hie in pear útspraken dy't ik efkes notearre ha:

- Ik lês sawat gjin Fryske boeken, skriuwers litte gjin taalûntwikkeling sjen. Der strielt taalearmoede út. Der binne wol útsonderingen, lykas Riemersma, dy koe der wol wat fan.
- Ik lês net samar, ik lêsk inkeld foar in doel.
- Ik wurd soms belle troch minsken: 'jo brûke wurden dy't ik net ken'. Dan sis ik: Pak it wurdboek der mar by. Ik moat ek wat opfiedend wurkje.
- Ik ha altyd besocht in sa breed mooglik publyk te benaderjen. Guon lykas Steven de Jong neamden my âlderwetsk, mar ik woe in sa breed mooglik publyk oansprekke.



Hylke Speerstra sit op de earste rige. Hy seit dat er de lêzers soms temjitte komt, dan stapt er ôf fan it AFUK-Frysk, dan giet er nei it Frysk út de súdwesthoeke. Durk hat sa de taal fan Noardeast Fryslân. Ik lêsk net sa faak in boek fan Durk, dan tink ik, ferrek, hy hat my der al ôf riden op de twadde side.

De literêre middei by Tresoar (webside fan Tresoar)

It is Hylke Speerstra dy't in steande ovaasje yn isjearret foar Durk van der Ploeg. Hy sit op de earste rige, komt oerein en sjocht efterom: kom op! In goeie aksje. Durk van der Ploeg wurdt wer troch 2 minsken fan it podium ôf holpen (deselden dy't him der ek op holpen). Hy is oan it ein fan 'e middei skjinn oan ein, dat is te sjen, en dat is net ferwûnderlik. Hy hat sels noch puf om syn namme te setten yn syn lêst útkommen boek, dat dy middei te keap is. Grut respekt foar dizze man.

Jelma Wiegersma**Frysk Sjongkoar Swol**

Sa no en dan fersoarget it koar in optreden yn Swol of earne oars. Ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Neist it opsnuven fan in stikje kultuer of histoarje, sjongt it koar dan yn in fersoargingshûs. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Freedtemoarns om 10.00 oere repeteart it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte). Elk dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.

Kenne jo immen, dy't graach sjonge mei, trúnje him/har dan oan om ris nei in repetysje te gean. Dat jout fierders gjin ferplichting.

Nim foar mear ynformaasje kontakt op mei ien fan dizze minsken

| | | |
|------------------------|-------------------|--------------------|
| Douwe Boersma | foarsitter | 0523 656802 |
| Simon Galema | skriuwer | 06 51562533 |
| Jolanda Lootens | ponghâlder | 06 47585240 |
| Jelma Wiegersma | diriginte | 06 19506520 |



Woansdei 17 desimber 2025 om 17.45 oere (ynrin fan 17.15 oere ôf) yn Hotel Restaurant 'Het Roode Hert'

Hessenweg 41, Dalfts

Krystmiel

mei muzikale meiwurking fan



Adri de Boer

Noch net opjûn foar it krystmiel? It kin noch oant en mei 10 desimber!
In mailsje nei fryskselskipswol@gmail.com of belje Sjoerd Bakker 0529 401683.
(namme – 1 of 2 persoanen – medysk dieet of fegetarysk – lid € 30.-- - gast € 50.--)

DER IS DIZZE JUN IN FERLOTING MEI MOAIE (KRYST)PRIZEN !!!